

Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes
o.f. drs. K.H. Ollongren
Postbus 20011
2500 EA DEN HAACH

Ljouwert, 31 augustus 2020

Achte minister Ollongren,

Hjirby bied ik jo út namme fan it bestjoer fan DINGtiid, it Orgaan foar de Fryske taal, de update oan fan it Wurkprogramma 2020-2021, dy't teffens de begutting 2021 befettet. Ynbring foar de update is ek opfrege by de amtners fan it ministearje fan BZK likegoed as fan de provinsje Fryslân. De Deputearre fan Kultuer fan de provinsje Fryslân, frou Sietske Poepjes, kriget de update fan it Wurkprogramma tagelyk.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster
Foarsitter DINGtiid

Taheakken:
Update Wurkprogramma DINGtiid 2020-2021
Begutting DINGtiid 2021

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 3.01
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.nl
www.dingtiid.nl
@dingtiid

Taheakke 1 – Update Wurkprogramma DINGtiid 2020-2021

Ta ynlieding

De Wet gebrûk Fryske taal is op 1 jannewaris 2014 fan krêft wurden. Dizze wet regelet it gebrûk fan it Frysk yn it bestjoerlik en rjochtsferkear. Yn de Wet gebrûk Fryske taal stiet dat der in Orgaan foar de Fryske taal is, dat as taak hat om de likense posysje fan de Fryske en Nederlânske taal yn Fryslân te befoarderjen; dat orgaan hjit DINGtiid. Bepaald is dat DINGtiid om 'e twa jier in wurkprogramma foarleit oan de Minister, en yn oanrin nei it lêste jier fan sa'n twajierrige perioade in update jout.

DINGtiid ferfollet syn wetlike taak troch te rapportearjen oer it ferlet en de winsken op it mêd fan de Fryske taal en kultuer yn relaasje ta de Wet gebrûk Fryske taal en ek ta it Europeesk hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden en it Ramtferdrach oangeande it beskermjen fan nasjonale minderheden. Dêrby rapportearret DINGtiid oan oerheden, bestjoersorganen en gerjochtlike ynstânsjes, foar safier't dy yn de provinsje Fryslân fêstige binne of alteast de provinsje Fryslân as wurkgebiet hawwe. Fierder advisearret DINGtiid oan de Minister fan BZK en oan Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân oer it tastânkommen en de útfiering fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en Kultuer (BFTK) en de útfieringskonvenanten, en jout stipe by it opstellen fan regels en beliedsplannen lykas bedoeld yn de kêsten 5 en 6 fan de Wet gebrûk Fryske taal. Neist dizze wetlike taken befoarderet DINGtiid ek de maatskiplike diskusje oer it Frysk.

DINGtiid kent ferskate wizen om de taken út te fieren en de ambysjes te realisearjen. Uteraard skriuwt DINGtiid advizen, rapportaazjes en brieven oan bewâldsliu en partijen út it fjild. Dêrneist hat DINGtiid faak petearen mei partners en belanghawwenden op it mêd fan de Fryske taal. Ut en troch wurde dy petearen yn in breder ferbân organisearre en wurde it rûnetafelpetearen, dy't sels it karakter fan minsymptoasia krije kinne: de saneamde DINGpetearen. By in DINGpetear bringt DINGtiid kennis en saakkundigen fan in beskaat ûnderwerp byinoar en biedt de dielnimmers eftergrûn en ynhâld om it ûnderwerp optimaal trochgrûnje te kinnen. DINGtiid foarsjocht sa it fjild fan kennis en perspektyf, mar fiedt ek himsels mei praktykynformaasje en nije of feroarjende ynsjoggen yn de oanbelangjende tematyk.

Update Wurkprogramma 2020-2021

Hjirûnder folget – yn essinsje ûnferoare– de tekst fan it Wurkprogramma 2020-2021 lykas jo dat yn 2019 fan DINGtiid krigen hawwe. Under de koarte beskriuwing fan it advysdossier folget de planning fan mooglike DINGpetearen en it ferwachte ôfrûnjen fan de dossiers. Foar elk ûnderwerp is dêrnei in update-alinea taheakke dêr't de wichtichste wizigings wat de foarnommen planning en útfiering oanbelanget yn ferwurke binne.

Omreden fan inkele feroarings binnen rinnende dossiers ûntstie romte foar de start fan in nij dossier: 'Frysk taalbelied by organisaasjes'. It giet om in follow-up op it dossier 'Casestudy Frysk by Ryksútfieringsorganisaasjes', dat ôfrûne waard yn 2020Q1. Dêrby is foar it oandachtsgebiet Rjocht in DINGpetear hâlden yn 2020Q1.

2020:*Frysk by de Taalwetgemeenten*

Sûnt 2017 hat DINGtiid ferskate dossiers opset dy't reitsje oan de posysje fan it Frysk yn 'Taalwetgemeenten' (d.i. gemeenten dy't ûnder de Wet gebrûk Fryske taal falle). DINGtiid liet yn 2017/2018 ûndersyk dwaan nei gemeentlike weryndielings yn Fryslân en de posysje dy't it Frysk dêrby hie of krige; de resultaten en oanbefellings binne yn 2018 presintearre. Dêrnei liet DINGtiid (y.g.m. de Afûk) yn 2019 in nultmjitting útfiere ûnder gemeentlike taalamtner om ynsjoch te krijen yn de ferhâlding tusken de ambysjes yn it gemeentlike taalbelied en de werklike ynset yn tiid en jild foar dizze ambysjes. By einsluten sil DINGtiid yn in DINGpetear taalsosjologyske ûndersikers mei inoar en mei taalbeliedsamtners yn petear bringe – oan de iene kant om it dochs noch diffuze byld fan de hjoeddeiske steat fan it Frysk skerper te krijen, oan de oare kant om beliedsmakkers mei wittenskippers fan gedachten wikselje te litten, wat beide kanten út fruchtber wêze kin. Yn gearspraak mei it fjild wurdt fêststeld oft neier omtinken foar de gearwurking tusken taalwittenskip en taalbelied winske is. Dit wiidfiemjende advysdossier wurdt ôfsletten mei in twadde DINGpetear; mocht der ferlet komme fan in skriftlik advys, dan sil DINGtiid hjiroer yn oerlis gean mei syn partners.

DINGpetearen: 2x, yn 2019Q4 en 2020Q2

Einadvys: p.m.

UPDATE: De resultaten fan de neamde nultmjitting binne yn 2020Q1 dield mei de gemeenten. It earste DINGpetear (De steat fan it Frysk), plend foar 2019Q4, is hâlden yn 2020Q1; op it stuit wurdt it ferlet fan in follow up-gearkomst (yn 2020Q4) peild. It ôfslutende DINGpetear stie plend foar 2020Q2, mar is omreden fan de koroanakrisis ferskood en hat plak yn 2021Q1.

Kennisyinfrastruktuer Frysk

Yn 2018 die bliken dat him in risikofolle situaasje oantsjinne hat foar inkele kearnûnderdielen fan it kenniskluster om de Fryske taal en meartaligens yn Fryslân hinne. Sa befynt de Fryske Akademy him al gâns in skoft yn in soarchlike situaasje; ek is it fuortbestan fan de oplieding Frysk oan de RUG foar de kommende BFTK-perioade lykwols feilich steld, mar op de lange termyn ûnwis. Fierder is der sprake fan te min konverginsje dêr't it de akademyske en organisatoaryske line fan de kennisektor oanbelanget. De hjoeddeiske BFTK befettet gjin oerkoepeljende fyzje op it kenniskluster fan de Fryske taal. Dêrneist is der geregeldwei sprake fan ûnrêst yn it fjild. De situaasje bringt mei him mei dat de akademyske wrâld om it Frysk hinne minder oantreklik wurdt foar jonge ûndersikers, wat in fisieuze sirkel teweibringt. DINGtiid wol him bûge oer it fraachstik hoe't it Fryske kenniskluster yn syn gehiel mear wêze kin as de mienskiplike dielen byinoar. Hoe kinne wy it generearjen, fersprieden en oerdragen fan fûnemintele en tapaste kennis fuortsterkje, om sa it Frysk foarút te helpen? En hoe ferhâldt him dat ta it Fryske ûnderwiis? Mei konkrete oanbefellings wol DINGtiid de partijen binnen de kennisyinfrastruktuer fan it Frysk oansette ta bettere en effisjintere gearwurking en perspektyf biede op in duorsum, dynamysk kennisfjild mei dêrbinnen foar alle partijen in dúdlik werkenbere rol. Begjin 2020 ûndernimt DINGtiid in stúdzjereis nei Noardwest-Spanje, om him dêr neier op 'e hichte te stellen fan de kennisyinfrastruktuer om it Galisysk en it Baskysk hinne.

DINGpetearen: 2x, yn 2019Q4 en 2020Q3

Einadvys: 2020Q4

UPDATE: *It dossier leit op skema: it earste DINGpetear hie plak yn 2019Q4; de stúdzjereis nei Noardwest-Spanje is ôflein ein jannewaris 2020; op 5 febrewaris en 29 juny 2020 hienen rûnetafelpetearen plak mei jonge ûndersyks- en ûnderwiisprofesjenels. It ôfslutende DINGpetear sil nei ferwachting wêze yn 2020Q4.*

P.m.: Underwiisynspeksje

Ein 2019 ferskynde de temarapportazje foar it fak Frysk troch de Underwiisynspeksje, de earste yn it nije ûnderwiistrjekt dat de provinsje Fryslân mei Taalplan (sep. 2018) opstart hat. Nei oanlieding fan dizze temarapportazje sil DINGtiid yn oerlis mei de provinsje besjen oft der oanlieding is om in advystrjekt op te starten oangeande de rol fan de Underwiisynspeksje by it fak Frysk. Sa ja, dan sil dit fôar de simmerfakânsje 2020 ta in advys liede.

DINGpetearen: p.m.

Einadvys: 2020Q2/3

UPDATE: *Op dit stuit is de tarieding fan it advystrjekt noch geande.*

Kultuer

De provinsje Fryslân, as Taalskipper, wurket oan in langetermynambysje Frysk 2030. DINGtiid hat yn 2017, 2018 en 2019 meardere petearen fierd mei bestjoerders yn it kulturele fjild. Ek dêr is ferlet fan in mearjierrefyzje, mei dêryn útwikseling en ôfstimming tusken kultuer- en taalbelied. DINGtiid wol sokke útwikseling en ôfstimming stimulearje. Sa komme wy ta in breeddroegen doel mei in dieldêr rûte dêrhinne, en sa wit elk hokker rol oft hokker organisaasje ynnimme kin. Dit dossier giet oer de jiergrins 2020/2021 hinne.

DINGpetearen: 2x, 2020Q1 en 2020Q4

Einadvys: 2021Q1

UPDATE: *Omreden fan tuskentiids ôftreden fan de belutsen DINGtiid-bestjoerder yn 2020Q1, rint dit dossier fertraging op; it hâldt lykwols ús omtinken.*

NIJ

DINGpetear Rjocht

Yn 2020Q1 waard in DINGpetear Rjocht organisearre. Yn it Wurkprogramma 2020/2021 wie hjiryn net foarsjoen, mar soarchlike ûntjouwings yn de twadde helte fan 2019 lieten de needsaak fiele om de posysje fan it Frysk yn de rjochtseal op relatyf koarte termyn mei belutsenen te besprekken. It DINGpetear waard besocht troch fertsjintwurdigers fan ferskate sektoaren dy't binnen de rjochtspraak wurksom binne. De ynlieding en diskusjes, op grûn fan foarôf troch de dielnimmers ynbrochte stellingen, laten ta fruchtbere ynsjoggen, ûnder mear op it mêd fan Fryske taalhâlding binnen de gerjochtlike organisaasje en de beheinde beskikberens fan kwalifisearre tolken Frysk. It DINGpetear joech sadwaande ek alfêst brûkbere ynbring foar de tuskenevaluaasje fan de BFTK 2019-2023, dy't foar 2021 plend stiet (sjoch hjirûnder). Ek late it DINGpetear ûnderwilens ta earste petearen mei bestjoerders fan gerjochtlike organisaasjes oer de posysje fan it Frysk yn de rjochtseal.

2021:*Ynbring evaluaasje Taalskipper*

Ein 2016 hat de provinsje Fryslân de rol fan Taalskipper op him nommen, en mei de nije BFTK ek ynkorpoarre yn it Fryske taalbelied. It Ryk sil de Taalskipperrol evalúearje litte yn 2021. As ynbring foar dizze foarnommen evalúaaasje wol DINGtiid de kânsen en mooglikheden fan de Taalskipperrol yn byld bringe. Op grûn fan de evalúaaasje troch it Ryk wol DINGtiid neitiid advisearje oer de ymplementaasje fan de útkomsten.

DINGpetear: n.f.t.

Einadvys: p.m.

UPDATE: *Yn oerlis mei it Ryk is ôfpraat dat DINGtiid yn 2021Q1/Q2, en dêrmei konfoarm de planning dy't it Ryk foar syn evalúaaasje hantearret, ynbring foar dizze evalúaaasje leverje sil.*

BFTK 2019-2023: De tuskenstân

Yn 2021 sille Ryk en provinsje in tuskenevalúaaasje útfiere fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (BFTK) 2019-2023. DINGtiid sil ynbring leverje foar dizze tuskenevalúaaasje.

DINGpetear: 2020Q1/2

Einadvys: p.m.

UPDATE: *Yn oerlis mei it Ryk en de provinsje Fryslân is ôfpraat dat DINGtiid yn 2021Q1/Q2, en dêrmei konfoarm de planning dy't Ryk en provinsje hantearje, ynbring leverje sil foar de tuskenevalúaaasje fan de BFTK. Dêrby krige DINGtiid ein maaie 2020 it dielde fersyk om yn 2021Q1 in DINGpetear te organisearjen dat as ynbring tsjinje kin foar de rapportaazjes dy't it Ryk fóár 1 juny 2021 oanleverje moat oangeande it Ramtferdrach en it Europeesk Hânfêst en dêr't de BFTK it wichtichste útfieringsynstrumint fan is; DINGtiid foldocht hjir graach oan. De organisaasje en ynfolling fan dit DINGpetear binne primêr yn hannen fan DINGtiid mar ha plak yn goed oerlis mei Ryk en provinsje. De wurktitel fan it DINGpetear is: 'BFTK 2019-2023: De tuskenstân'.*

NIJ*Frysk taalbelied by organisaasjes*

Ein 2019 hat DINGtiid rapportearre oer in casestudy dy't op fersyk fan it Ryk útfierd waard nei it brûken fan it Frysk by Ryksútfieringsorganisaasjes. By de follow-up dêrfan sil DINGtiid yn gearwurking mei de provinsje Fryslân in trajekt starte om organisaasjes dy't kontakt hawwe mei Fryske boargers mar gjin Frysk taalbelied hantearje, te stimulearjen en te helpen om dochs sok taalbelied op te stellen. DINGtiid sil yn dit ramt yn 2021Q3 of Q4 ek in DINGpetear organisearje. It dossier wurdt ôfrûne yn 2021.

DINGpetear: n.o.t.k.

Einadvys: p.m.

Skema DINGpetearen en ôfrûnjen – Update

De boppesteande update fan it Wurkprogramma 2020-2021 liedt ta it folgjende, bywurke oersjoch, yn termen fan plende DINGpetearen en ferwachte ôfrûnjen:

DINGpetearen	Q	Afronding
2020		
Taalwetgemeenten 1 / Recht	1	
	2	
	3	
KYS 2	4	KYS
2021		
Taalwetgemeenten 2 / BFTK	1	Taalwetgemeenten
	2	Taalskipper / BFTK
Fries taalbeleid bij organisaties	3	
	4	Fries taalbeleid bij organisaties

NB1: it ôfrûnjen fan in dossier kin ferskate foarmen oannimme: in advys, in advysbrief, ferslach fan in DINGpetear, in einpetear, ensfh.

NB2: foar guon DINGpetearen sil DINGtiid gearwurkje mei partners út it fjild en/of eksterne bystân sykje foar de organisaasje.

Taheakke 2 - Begrutting DINGtiid 2021

	Utjeften		ynkomsten
Personiele lêsten			
Meiwurkers DINGtiid	€ 50.000,00	Provinsje Fryslân	€ 111.700,00
Reiskosten	€ 2.500,00	Ryk	€ 51.500,00
Fasilitêre kosten			
Húsfêsting	€ 6.000,00		
Kommunikaasje (website, drukwurk)	€ 3.000,00		
Abonnemint	€ 400,00		
Porto en kantoarartikelen	€ 100,00		
Wurkprogrammakosten			
Undersyk/advizen – yntern	€ 52.000,00		
Undersyk/advizen – ekstern	€ 8.996,00		
DINGpetearen	€ 8.000,00		
Stúdzjereis	€ 4.200,00		
Bestjoerskosten			
Fakaasjejilden DINGtiid bestjoersleden	€ 23.004,00		
Fergaderkosten	€ 1.000,00		
Oars (betankjes, sollisitaasjeproseduere, werving)	€ 4.000,00		
Totaal	€ 163.200,00		€ 163.200,00

Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties
T.a.v. drs. K.H. Ollongren
Postbus 20011
2500 EA DEN HAAG

Leeuwarden, 31 augustus 2020

Geachte minister Ollongren,

Hierbij bied ik u namens het bestuur van DINGtiid, het Orgaan voor de Friese taal, de update van het Werkprogramma 2020-2021 aan, die tevens de begroting 2021 bevat; de begroting ontving u reeds op 1 april jl. Input voor de update is ook opgevraagd bij ambtenaren van zowel het ministerie van BZK als de provincie Fryslân. De Gedeputeerde van Cultuur van de provincie Fryslân, mevrouw Sietske Poepjes, ontvangt de update van het Werkprogramma gelijktijdig.

Met vriendelijke groet,



Jan Koster
Voorzitter DINGtiid

Bijlagen:
Update Werkprogramma DINGtiid 2020-2021
Begroting DINGtiid 2021

Bijlage 1 – Update Werkprogramma DINGtiid 2020-2021

Ter inleiding

De Wet gebruik Friese taal is op 1 januari 2014 van kracht geworden. Deze wet regelt het gebruik van het Fries in het bestuurlijk en rechtsverkeer. In de Taalwet staat dat er een Orgaan voor de Friese taal is, dat als taak heeft om de gelijke positie van de Friese en Nederlandse taal in Fryslân te bevorderen; dat orgaan heet DINGtiid. Bepaald is dat DINGtiid tweejaarlijks een werkprogramma voorlegt aan de Minister, en in aanloop naar het laatste jaar van zo'n tweejaarlijkse periode een update geeft.

DINGtiid vervult zijn wettelijke taak door te rapporteren over de behoeften en wensen ten aanzien van de Friese taal en cultuur in relatie tot de Wet gebruik Friese taal alsmede tot het Europees handvest voor regionale talen of talen van minderheden en het Kaderverdrag inzake de bescherming van nationale minderheden. Daarbij rapporteert DINGtiid aan overheden, bestuursorganen en rechterlijke instanties, voor zover die in de provincie Fryslân gevestigd zijn dan wel de provincie Fryslân als werkgebied hebben. Verder adviseert DINGtiid aan de Minister van BZK en aan Gedeputeerde Staten van de provincie Fryslân over de totstandkoming en de uitvoering van de Bestuursafpraak Friese taal en Cultuur (BFTK) en de uitvoeringsconvenanten, en biedt ze ondersteuning bij het opstellen van regels en beleidsplannen als bedoeld in art. 5 en 6 van de Wet gebruik Friese taal. Naast deze wettelijke taken bevordert DINGtiid ook de maatschappelijke discussie over het Fries.

DINGtiid kent verschillende manieren om de taken uit te voeren en de ambities te realiseren. Uiteraard schrijft DINGtiid adviezen, rapportages en brieven aan bewindsleden en partijen uit het veld. Daarnaast voert DINGtiid vaak gesprekken met partners en belanghebbenden op het gebied van de Friese taal. Zo nu en dan worden die gesprekken in een breder verband georganiseerd en worden het rondetafelgesprekken, die zelfs het karakter van minisymposia kunnen krijgen: de zogenoemde 'DINGpetearen'. Tijdens een DINGpetear brengt DINGtiid kennis en kenners van een bepaald onderwerp bij elkaar en biedt de deelnemers achtergrond en inhoud om het onderwerp optimaal te kunnen doorgronden. DINGtiid voorziet zo het veld van kennis en perspectief, maar voedt ook zichzelf met praktijkinformatie en nieuwe of veranderende inzichten in de betreffende thematiek.

Update Werkprogramma 2020-2021

Hieronder volgt – in essentie ongewijzigd – de tekst van het Werkprogramma 2020-2021 zoals u dat in 2019 van DINGtiid ontving. Onder de beknopte beschrijving van het adviesdossier volgt de planning van eventuele DINGpetearen en de verwachte afronding van de dossiers. Per item is vervolgens een update-alinea toegevoegd waarin de belangrijkste wijzigingen ten opzichte van de voorgenomen planning en uitvoering zijn verwerkt.

Wegens enkele veranderingen binnen lopende dossiers ontstond ruimte voor de start van een nieuw dossier: 'Fries taalbeleid bij organisaties'; het betreft een follow-up op het dossier 'Casestudy Fries bij Rijksuitvoeringsorganisaties', dat werd afgerond in 2020Q1. Bovendien is voor het aandachtsgebied 'Recht' een DINGpetear gehouden in 2020Q1.

2020:

Fries bij de Taalwetgemeenten

Sinds 2017 heeft DINGtiid verschillende dossiers opgezet die raken aan de positie van het Fries in 'Taalwetgemeenten' (d.i. gemeenten die onder de Wet gebruik Friese taal vallen). DINGtiid liet in 2017/2018 onderzoek doen naar gemeentelijke herindelingen in Fryslân en de positie die het Fries daarbij had of kreeg; de resultaten en aanbevelingen zijn in 2018 gepresenteerd. Vervolgens liet DINGtiid (i.s.m. de Afûk) in 2019 een nulmeting onder gemeentelijke taalambtenaren uitvoeren om inzicht te krijgen in de verhouding tussen de ambities in het gemeentelijke taalbeleid en de werkelijke inzet in tijd en geld voor deze ambities. Ten slotte zal DINGtiid in een DINGpetear taalsociologische onderzoekers met elkaar en met taalbeleidsambtenaren in gesprek brengen – enerzijds om het toch nog diffuse beeld van de huidige staat van het Fries scherper te krijgen, anderzijds om beleidsmakers met wetenschappers van gedachten te laten wisselen, wat wederzijds vruchtbaar kan zijn. In samenspraak met het veld wordt vastgesteld of nadere aandacht voor de samenwerking tussen taalwetenschap en taalbeleid gewenst is.

Dit veelomvattende adviesdossier wordt afgesloten met een tweede DINGpetear; mocht er behoefte ontstaan aan een schriftelijk advies, dan zal DINGtiid hierover in overleg treden met zijn partners.

DINGpetearen: 2x, in 2019Q4 en 2020Q2

Eindadvies: p.m.

UPDATE: De resultaten van de genoemde nulmeting zijn in 2020Q1 gedeeld met de gemeenten. Het eerste DINGpetear (*De staat van het Fries*), gepland voor 2019Q4, is gehouden in 2020Q1; momenteel wordt de behoefte aan een follow up-samenkomst (in 2020Q4) op dit DINGpetear gepeild. Het afsluitende DINGpetear stond voor 2020Q2 gepland, maar is wegens de coronacrisis verschoven en vindt plaats in 2021Q1.

Kennisinfrastructuur Fries

In 2018 bleek dat een risicovolle situatie zich heeft aangediend voor enkele kernonderdelen van het kenniscluster rondom de Friese taal en meertaligheid in Fryslân. Zo bevindt zich de Fryske Akademy al geruime tijd in een zorgwekkende situatie; ook is het voortbestaan van de opleiding Fries aan de RUG weliswaar voor de komende BFTK-periode veiliggesteld maar op de langere termijn onzeker. Verder is er sprake van te weinig convergentie waar het de academische en organisatorische lijn van de kennissector betreft. De huidige BFTK bevat geen overkoepelende visie op het kenniscluster van de Friese taal. Daarnaast is er regelmatig sprake van onrust in het veld. De situatie brengt met zich mee dat de academische wereld rondom het Fries minder aantrekkelijk wordt voor jonge onderzoekers, wat een vicieuze cirkel teweegbrengt.

DINGtiid wil zich buigen over het vraagstuk hoe het Friese kenniscluster in zijn geheel meer kan zijn dan de som der delen. Hoe kunnen we het genereren, verspreiden en overdragen van fundamentele en toegepaste kennis versterken om zo het Fries vooruit te helpen? En hoe verhoudt zich dit tot het Friese onderwijs? Met concrete aanbevelingen wil DINGtiid de partijen binnen de kennisinfrastructuur van het Fries aanzetten tot betere en efficiëntere samenwerking en perspectief bieden op een duurzaam, dynamisch kennisveld met daarbinnen voor alle partijen een duidelijk herkenbare rol.

Begin 2020 onderneemt DINGtiid een studiereis naar Noordwest-Spanje, om zich

daar nader op de hoogte te stellen van de kennisinfrastructuur rondom het Galicisch en het Baskisch.

DINGpetearen: 2x, in 2019Q4 en 2020Q3

Eindadvies: 2020Q4

UPDATE: *Het dossier ligt op schema: het eerste DINGpetear vond plaats in 2019Q4; de studiereis naar Noordwest-Spanje is afgelegd eind januari 2020; op 5 februari en 29 juni 2020 vonden rondetafelgesprekken met jonge onderzoeks- en onderwijsprofessionals plaats. Het afsluitende DINGpetear zal naar verwachting zijn in 2020Q4.*

P.m.: Onderwijsinspectie

Eind 2019 verscheen de themarapportage voor het vak Fries door de Onderwijsinspectie, de eerste in het nieuwe onderwijstraject dat de provincie Fryslân met Taalplan (sep. 2018) heeft opgestart. Naar aanleiding van deze themarapportage zal DINGtiid in overleg met de provincie bekijken of er aanleiding is om een adviestraject op te starten ten aanzien van de rol van de Onderwijsinspectie bij het vak Fries. Zo ja, dan zal dit vóór de zomervakantie 2020 tot een advies leiden.

DINGpetearen: p.m.

Eindadvies: 2020Q2/3

UPDATE: *Op dit moment is de voorbereiding van het adviestraject nog gaande.*

Cultuur

De provincie Fryslân, als Taalskipper, werkt aan een langetermijnambitie Fries 2030. DINGtiid heeft in 2017, 2018 en 2019 meerdere gesprekken met bestuurders in het culturele veld gevoerd. Ook daar bestaat de behoefte aan een meerjarenvisie, met daarin meer uitwisseling en afstemming tussen cultuur- en taalbeleid. DINGtiid wil zulke uitwisseling en afstemming stimuleren. Zo komen we tot een breedgedragen doel met een gedeelde route daarheen, en zo weet iedereen welke rol welke organisatie in kan nemen. Dit dossier overschrijdt de jaargrens 2020/2021.

DINGpetearen: 2x, 2020Q1 en 2020Q4

Eindadvies: 2021Q1

UPDATE: *Wegens tussentijds aftreden van de betrokken DINGtiid-bestuurder in 2020Q1, loopt dit dossier vertraging op; het behoudt uiteraard onze aandacht.*

NIEUW

DINGpetear Recht

In 2020Q1 werd een DINGpetear Recht georganiseerd. In het Werkprogramma 2020/2021 was hierin niet voorzien, maar zorgwekkende ontwikkelingen in de tweede helft van 2019 deden de noodzaak voelen om de positie van het Fries in de rechtszaal op relatief korte termijn met betrokkenen te bespreken. Het DINGpetear werd bezocht door vertegenwoordigers van verschillende sectoren die binnen de rechtspraak werkzaam zijn. De inleiding en discussies, op basis van vooraf door de deelnemers ingebrachte stellingen, leidden tot vruchtbare inzichten, onder andere op het gebied van Friese taalhouding binnen de rechterlijke organisatie en de beperkte beschikbaarheid van gekwalificeerde tolken Fries. Het DINGpetear gaf zodoende ook alvast bruikbare input voor de tussenevaluatie van de BFTK 2019-2023, die voor 2021 gepland staat (zie hieronder). Ook leidde het DINGpetear inmiddels tot eerste gesprekken met bestuurders van gerechtelijke organisaties over de positie van het Fries in de rechtszaal.

2021:*Input evaluatie Taalskipper*

Eind 2016 heeft de provincie Fryslân de rol van Taalskipper op zich genomen, en met de nieuwe BFTK ook geïncorporeerd in het Friese taalbeleid. Het Rijk zal de Taalskipperrol laten evalueren in 2021. Als input voor deze voorgenomen evaluatie wil DINGtiid de kansen en mogelijkheden van de Taalskipperrol in beeld brengen. Op basis van de evaluatie door het Rijk wil DINGtiid nadien adviseren over de implementatie van de uitkomsten.

DINGpetear: n.v.t.

Eindadvies: p.m.

UPDATE: *In overleg met het Rijk is afgesproken dat DINGtiid in 2021Q1/Q2, en daarmee conform de planning die het Rijk voor zijn evaluatie hanteert, input voor deze evaluatie zal leveren.*

BFTK 2019-2023: De tussenstand

In 2021 zullen Rijk en provincie een tussenevaluatie uitvoeren van de Bestuursafpraak Friese taal en cultuur (BFTK) 2019-2023. DINGtiid zal input leveren voor deze tussenevaluatie.

DINGpetear: 2020Q1/2

Eindadvies: p.m.

UPDATE: *In overleg met het Rijk en de provincie Fryslân is afgesproken dat DINGtiid in 2021Q1/Q2, en daarmee conform de planning die Rijk en provincie hanteren, input voor de tussenevaluatie van de BFTK zal leveren. Bovendien ontving DINGtiid eind mei 2020 het gedeelde verzoek van Rijk en provincie om in 2021Q1 een DINGpetear te organiseren dat als input kan dienen voor de rapportages die het Rijk vóór 1 juni 2021 aan dient te leveren inzake het Kaderverdrag en het Europees Handvest en waarvan de BFTK het belangrijkste uitvoeringsinstrument is; DINGtiid voldoet hier graag aan. De organisatie en invulling van dit DINGpetear zijn primair in handen van DINGtiid maar vinden in goed overleg met Rijk en provincie plaats. De werktitel van het DINGpetear is: 'BFTK 2019-2023: De tussenstand'.*

NIEUW*Fries taalbeleid bij organisaties*

Eind 2019 heeft DINGtiid gerapporteerd over een casestudy die op verzoek van het Rijk werd uitgevoerd naar het gebruik van het Fries bij Rijksuitvoeringsorganisaties. Bij de follow-up daarvan zal DINGtiid in samenwerking met de provincie Fryslân een traject starten om organisaties die contact hebben met Friese burgers maar geen Fries taalbeleid hanteren, te stimuleren en te helpen om toch zulk taalbeleid op te stellen. DINGtiid zal in dit kader in 2021Q3 of Q4 ook een DINGpetear organiseren. Het dossier wordt in 2021 afgerond.

DINGpetear: n.o.t.k.

Eindadvies: p.m.

Schema DINGpetearen en afronding – Update

De bovenstaande update van het Werkprogramma 2020-2021 leidt tot het volgende, bijgewerkte overzicht, in termen van geplande DINGpetearen en verwachte afronding:

DINGpetearen	Q	Afronding
2020		
Taalwetgemeenten 1 / Recht	1	
	2	
	3	
KYS 2	4	KYS
2021		
Taalwetgemeenten 2 / BFTK	1	Taalwetgemeenten
	2	Taalskipper / BFTK
Fries taalbeleid bij organisaties	3	
	4	Fries taalbeleid bij organisaties

NB1: de afronding van een dossier kan verschillende vormen aannemen: een advies, een adviesbrief, verslag van een DINGpetear, een eindgesprek, etc.

NB2: voor sommige DINGpetearen zal DINGtiid met partners uit het veld samenwerken en/of externe bijstand voor de organisatie zoeken.

Bijlage 2 - Begroting DINGtiid 2021

	Uitgaven		Inkomsten
Personele lasten			
Medewerkers DINGtiid	€ 50.000,00	Provinsje Fryslân	€ 111.700,00
Reiskosten	€ 2.500,00	Rijk	€ 51.500,00
Facilitaire kosten			
Huisvesting	€ 6.000,00		
Communicatie (website, drukwerk)	€ 3.000,00		
Abonnement	€ 400,00		
Porto en kantoorartikelen	€ 100,00		
Werkprogrammakosten			
Onderzoek/adviezen – intern	€ 52.000,00		
Onderzoek/adviezen – extern	€ 8.996,00		
DINGpetearen	€ 8.000,00		
Studiereis	€ 4.200,00		
Bestuurskosten			
Vacatiegelden DINGtiid bestuursleden	€ 23.004,00		
Vergaderkosten	€ 1.000,00		
Overig (bedankjes, sollicitatieprocedure, werving)	€ 4.000,00		
Totaal	€ 163.200,00		€ 163.200,00